

Ferslach GWF 4-1-2020

1 Iepenjen

Us foarsitter Gosse van der Plaats iepenet om 13.30 oere de gearkomste. Der binne 46 besikers oanwêzich.

2 Meidielingen en ynkommen stikken

Der binne gjin meidielingen en ynkommen stikken.

3 Ferslach fan 2 novimber 2019

Goedkard mei in pear lytse korreksjes

4 Wytze Tjoelker fertelt oer de koloanjes fan de Maatschappij van Weldadigheid en oer de Ljouwerter woartels fan inkelde kolonisten.

De koloanjes

Nei de Frânske tiid, wie der grutte earmoede yn ús lân. Om wat oan dy earmoede te dwaan waard “de maatschappij van weldadigheid” oprjochte. Der kamen oeral yn it lân kommisjes fan de Maatschappij. Generaal Johannes van den Bosch is de driuwende krêft efter de Maatschappij. Al gau binne der yn it lân sa'n 20.000 minsken meast út 'e hegerein dy't wol wat sjogge yn it inisjatyf fan van den Bosch en lid wurde fan de Maatschappij. De idee is: jou de earmen in stikje grûn en in pleatske, dan kinne se har sels bedrippe.



As earste wurdt de proefkoloanje Frederiksoord stichte. De earmen dy't der hinne stjoerd waarden krigen in pleatske en 2,5 bunder lân. Frederiksoord wie in frije koloanje, mar dizze frijheid wie beheind. De Maatschappij hie it as eigener fan lân en huzen foar it sizzen en de kolonisten moasten oer sawat alles ferantwurding ôflizze oan de Maatschappij.

Yn de perioade 1818-1825 komme dre yn Nederlân 5 en yn België 2 koloanjes. Dy yn ús lân lizze hast allegearre yn Drinte; dêr wie de heidegrûn goedkeap. Frederiksoord, Wilhelminaoord en Willemsoord wiene frije koloanjes; Veenhuzen en Ommerschans wiene ûnfrije koloanjes foar bidlers en kriminelen.

Yn de frije koloanjes wennen húshâldingen mei faaks 2 bern. Yn 1825 wenje sa'n 3000 minsken yn de koloanjes. In aardich grutte groep wien ek de amtners en harren húshâldingen. Yn 1827 wiene dat sa'n 400 minsken. Foar in lyts part lizze de koloanjes ek op it grûngebiet fan Fryslân. In stik fan Willemsoord foel ûnder Steggerde, East- en West-vierdeparten (Wilhelminaoord) foel foar in part ûnder Noardwâlde.

Op âlde kaarten binne de koloanjes goed te sjen oan de lintbebouwing. Op de kaarten is ek te sjen dat krekt bûten de koloanjes saneamde huttedoarpen ûntsteane. Dit binne faaks bern fan kolonisten, dy't net yn de koloanje wenje kinne om't der foar harren gjin plak is. Wat no Noardwâlde Súd is wie sa'n huttedoarp.

Oan de hân fan de kertiersteat fan Fenna Johanna Lodewijk krije wy ynsjoch yn wer't de kolonisten wei kamen. Jan Lodewijk trout yn 1804 yn Hattem mei Fennigje Koopman. Trije bern binne berne yn Hattem en fjouwer yn Hoogeveen. Alle sân wenje letter yn de koloanje.

Thomas Baas en Barbara Gouw komme út Seelân. De earste seis bern binne yn Goes berne nûmer 7 en 8 yn de koloanje. Trije bern trouwe yn de koloanje.

Hart Lippes Poelstra en Elske Andries Vollendorp trouwe 1801 yn Ljouwert. Hja krije 6 bern, de jongste is yn de koloanje berne en 4 bern trouwe yn de koloanje.

Cornelis de Vries en Elisabeth Scheffer trouwe 1819 yn Purmerein. It earste fan de trije bern is berne yn Purmerein, de oare 2 yn de koloanje. Alle 3 trouwe hja yn de koloanje.

Skoft

5 2^e helte fan de lêzing fan Wytze Tjoelker

Nei it skoft geane wy fierder yn op de Ljouwerter foarâlden fan Elsje Vollendorp.

We begjinne by Hans Obbes Broersma dy't yn 1658 trout mei Lucia Sytses Hartsma.

Hans Obbes is brouwer en kastlein yn de Druif. As wy de foarâlden fan Hans Obbes neigean fine wy Obbe Hanses Broersma boarger yn Ljouwert; Hans Obbes Broersma berne yn Snits en soan fan notaris Obbe Douwes Broersma.

Lucia Sytses komt út de Ljouwerter lânmjittersfamylje Engehuis.

6 Omfreegjen

Net ien hat wat foar it omfreegjen

7 Sluten

De foarsitter dielt mei dat der 18 jannewaris in lêzing is oer de argiven fan de nedergerjochten by de NGV.

Op 1 febrewaris komme wy as wurkferbân wer by inoar. Dan sil Elly Pacanda-Bolier wat fertelle oer de menisten fan it Wytfean.

Nei it skoft is der dan in fragemiddei, der't ynstjoerde fragen behannele wurde.

Rinse Spits